

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en fermeitsje. Dêrmei ferbynt en ferriket de omrop elkenien dy't him ferbûn fielt mei Fryslân.

**Omrop Fryslân siket in:**

## Mediatechnikus (editor)

(24 oeren wyks)

Bisto in mediatechnikus/editor mei in skerp each foar detail en talint foar it bewurkjen fan audiofisueel materiaal? Omrop Fryslân siket in betûft mediatechnikus/editor mei as spesjalisasje montaaasje en skeakeltechnyk om ús kreative team te fersterkjen. As mediatechnikus/editor spilest do in krúsjele rol yn it gearstallen fan boeiende programma's dy't ynformearje, ynspirearje en fermeitsje. Mei dyn ekspertize as mediatechnikus/editor draachst do by oan de hege kwaliteit fan ús útstjoeringen en fersterkest do de bân tusken Omrop Fryslân en de sjoggers en harkers.

### Dyn wurksumheden bestean út:

- ✓ It montearjen fan audiofisuele content neffens de rjochtlinen en winsken fan de redaksje;
- ✓ It beoardieljen en ferbetterjen fan fideotechnyske kwaliteit fan byld en lûd;
- ✓ Advys jaan oan programmamakers/regisseurs oer montaaasje-oanpak en bydrage oan it einresultaat;
- ✓ Items en programma's (ynklusyf titels, grafyske lay-out en mixt lûd) klearmeitsje foar de útstjoering;
- ✓ It meitsjen fan promo's, teasers en trailers;
- ✓ It betsjinjen fan skeakelapparatur by live-útstjoeringen en it koördinearjen fan kamerawurk;
- ✓ Technyske stipe jaan by de tarieding en útfiering fan produksjes, sawol yn de studio as op lokaasje;
- ✓ It sinjalearje en oplosse fan technyske problemen by opnamen en útstjoeringen;
- ✓ Gearwurkje mei kollega's om workflows te optimalisearjen en nije technologyen te ymplementearjen.

### Wat freegje wy?

- ✓ Do hast in ôfmakke oplieding mbû AV-produksje (nivo 4) mei rjochting fideo-editor of in ferlykbere oplieding;
- ✓ Do hast romme ûnderfining mei it montearjen fan audiofisuele content;
- ✓ Do beskikst oer wiidweidige kennis fan montaaasje- en skeakeltechnyk en bist by steat om profesjonele apparatur te betsjinjen;
- ✓ Do bist kreatyf, krekt en skerp op details;
- ✓ Do bist goed yn teamwurk en kinst it wurk goed oan, ek by stress ûnder tiidsdruk. Affiniteit mei de Fryske taal en kultuer is in pree.

**Wat hawwe wy te bieden?**

- ✓ In útdaagjende funksje yn in dynamyske en kreative omjouwing;
- ✓ In ynspirearjende wurkomjouwing mei kollega's dy't hert foar de saak hawwe;
- ✓ In passend salaris yn salarisskaal F fan de 'cao foar Omroppersoniel' mei in lean fan op syn minst € 2.711,87 en maksimaal € 3.988,60 bruto yn 'e moanne by in fulltime tsjinstferbân;
- ✓ In parttime tsjinstferbân fan 24 oeren wyks foar ien jier, mei útsjoch op in fêste oanstelling;
- ✓ Goede sekundêre arbeidsbetingsten, lykas ûnkostefergoeding en in desimberútkearing;
- ✓ Fierders ek kânsen foar profesjonele groei en ûntwikkeling.

By Omrop Fryslân wolle wy in ôfspegeling fan de maatskippij wêze, sawol yn ús berjochtjouwing as yn ús personielsbestân. Wês wolkom by Omrop Fryslân en fiel dy frij om te sollisitearjen.

Wolsto in bydrage leverje oan de fersterking fan de fisuele identiteit fan Omrop Fryslân? Stjoer dan dyn cv en motivaasjebrief foar 17 maaie nei Ilse Gielstra op: [P&O@omropfryslan.nl](mailto:P&O@omropfryslan.nl). Wy sjogge út nei dyn sollisitaasje. Dizze fakatuere is yntern en ekstern útset. By gelikense geskiktens giet de foarkar út nei in ynterne kandidaat. De petearen binne op 23 maaie.

Wolst do mear witte oer de fakatuere, nim dan kontakt op mei René Dijk. Stjoer in e-mail nei: [rene.dijk@omropfryslan.nl](mailto:rene.dijk@omropfryslan.nl)